

DE FOLKSNASJONALISTYSKE TAAL EN RETORYK ACHTER FRYSLÂN 2040 EN KH-2018

troch Eeltsje Hettinga

DE FOLKSNASJONALISTYSKE TAAL EN RETORYK ACHTER FRYSLÂN 2040 EN KH-2018

troch Eeltsje Hettinga

'BINNE JO WOL FOLSK?'

Ja, ik bin folksk – 't is in tormint sa'n wurd! –
'k Wol sizze: 'k bin fan 't folts in bern,
Gjin lid, dat ek betankje kin;
As heit en mem, sa is it my beskern.

Ja, ik bin folksk; hoe soe ik net?
Dat seit: ik draach it mei, in soan;
It is syn wêzen dat ik ta my naam,
Syn wramen en syn boartsjen gean my oan.

Sa haw 'k noch net yn rigels stoaid
Hoe it opbrocht wurdt ta goed bestean;
Ik bin wat skruten mei myn âlde stel,
En doar net rou oan 't tsjepjen gean.

Mar o, dat wize mastersfolk,
Dat wit fan suv'rens en fan tsjoed!
– In frjemde skildersman wol Saske ha;
Oan 'e himmel stiet in gloed...

Obe Postma

Ut: *Samle fersen*, 'It sil bestean', s. 269.
(Earder publisearre yn *It Heitelân*, 1940)

VOORWOORD

Frizerella, wa't dat net sizze kin, moat nei de kursus Frysk oergefoel. Dat leert *Fan de minsken en de grûn, toekomstagenda Fryslân duurzaam 2040*, een rapport opgesteld door de Koöperaasjegroep Fryslân 2040. In die groep komen visionaire lieden bijeen om hun visies te delen op de gapende hoogten van een stralende Friese toekomst. Hun creatieve denkvermogens de vrije loop latend verschenen, aldus dat rapport, voor hun geestesoog kudden waterbuffels die zilte gronden begrazen om de fijnste Friese mozzarella, nee: frizerella te produceren. Eeltsje Hettinga rook eraan en concludeerde: stinkkaas.

Met een clubje gelijkgestemden in een kristallen bol kijken, je fantasie ruim baan geven en nadenken over hoe het in de toekomst allemaal beter kan, duurzamer en zo, daar is op zichzelf niets mis mee en het kan ook heel gezellig zijn, vooral als vantevoren is afgesproken dat alle scepsis overboord moet worden gezet en alleen optimisme mag: *Gjin synisme, blinder! Optimisme!* Natuurlijk is het wel oppassen, want zonder kritische rem blaast de groepsdynamische fietspomp zelfs de ielste ideetjes op tot montgolfières, die helaas met de kleren van de keizer gemeen hebben dat alleen de visionairen ze zien. *Fan minsken en de grûn* en een daarop gebaseerde notitie van nóg een Koöperaasjegroep, namelijk Koöperaasjegroep

2018, *Nocht aan de takomst*, bewijzen echter dat van zulk oppassen geen moment sprake is geweest.

Hoe dan toch de goegemeente - en belangrijker nog, de subsidieverstrekkers - ervan te overtuigen dat in die flubberend leeglopende ballonnetjes heuse luchtschepen moeten worden gezien, door een frisse bries van vernieuwingsdenken naar een stralende Friese toekomst voortgeblazen? Dat dat brokje frizerella eigenlijk een wereldomspannend Fries kaasimperium is, een imperium rustend op de peilers van duurzaamheid en geworteldheid in Fryske grûn en de Friese cultuur? Door het te verpakken in het holistische volapük van het ‘Nieuwe Management’, ook behorend tot de nieuwe garderobe van de keizer, trouwens. De Koöperaasjegroepen baseren zich op “de methodiek van transitiemanagement”, zo lezen we, dat, vooruit geholpen door “koplopers”, wil komen tot “gedeelde probleemstellingen” en “gedeelde probleempercepties”.

Maar laat de nuchtere Fries zich wel inpakken door dat soort vacuümtaal? Ja hoor, weten deze visionairen, want hun holistische aanpak is niet alleen toekomstgericht, maar kijkt ook terug, naar de grootse Friese historie, waarin ooit “de Friese ziel” (“het Friese DNA”, “het Friese oergevoel”), uit zilte klei gekneed is en tot trotse wasdom kwam. De Koöperaasjegroep(en) hebben die Friese historie en de Friese ziel, het Friese volkskarakter, doorgrond en als uitgangspunt genomen voor hun visioenen van een lichtende Friese toekomst,

want “de prikkels tot verandering (moeten) raken aan de Friese ziel en het achterliggende oergevoel”.

Eeltsje Hettinga vroeg zich verbaasd af in welk jaar het Friese lagere school geschiedenisboekje gepubliceerd werd, dat de Koöperaasjegroepen hebben doorgebladerd om zich die grootse Friese historie eigen te maken. En aan welke bronnen ze hun inzicht in de Friese ziel hebben ontleend. Hettinga’s grondige ontmanteling van de inspiratiebronnen van Koöperaasjegroepen vormt de hoofdmoot van zijn kritische analyse. Die liegt er niet om.

Volkskarakter, oergevoel, verbondenheid met de grûn, dat zijn woorden waar een bruine, volksnationalistische Blut und Boden walm vanaf komt. Een walm waar ooit Friese volksnationalisten zozeer door bedwelmd raakten dat ze foute uniformen aantrokken. Sindsdien weten we, althans behoren we te weten, dat volksnationalisme flauwkuil is en gevaarlijke flauwkuil bovendien. Dat het gebaseerd is op even platte als onjuiste stereotypen en vooroordelen (mijn hierboven opgevoerde, nuchtere Fries is daar een, zij het tamelijk onschuldig voorbeeld van), die het zicht op de sociale en culturele werkelijkheid vertroebelen en leiden tot sociaal exclusivisme.

Dachten de Koöperaasjes echt dat ze, door DNA te schrijven in plaats van bloed, een volksnationalisme konden presenteren dat voldoende gemoderniseerd is om aan bruine associaties te ontsnappen? Of hadden ze

daar lak aan en zochten ze naar een Friese variant op het Venlose populisme dat Limburg teruggeeft aan de Limburgers? Ik was aanvankelijk geneigd te denken dat de Koöperaasjes helemaal niet hebben gedacht, maar met de digitale schaar en lijmkwast kritiekloos en lukraak wat passend lijkende bronnetjes hebben geknipt en geplakt, zonder zich ervan te vergewissen wat aard en herkomst daarvan waren. Tot ik op een ander toekomstvisioen stuitte in *Fan de minsken en de grûn*: “Er zijn in 2040 ook hangouderen en hangouderplekken, waar de ouderen orakelen op de wijsheidbankjes.” De leugenbank zal, als het aan de Koöperaasjes ligt, dus een transitie doormaken naar wijsheidbank. Wat leugen is kan wijsheid worden, is hier kennelijk de gedachte. Mits er maar een transitiemanager met oergevoel aan het roer staat, vermoed ik.

Met een clubje in kristallen bollen kijken en de fantasie de vrije loop laten, daar is op zichzelf niets mis mee, schreef ik hierboven. Zolang men maar van de knoppen afblijft, had ik daar aan moeten toevoegen. Indien aan die voorwaarde was voldaan, dan had Hettinga vast zijn ergernis ingeslikt over de volksnationalistische oprispingen van de Koöperaasjegroepen onder het mompelen van: ach, de kool is het sop niet waard, en *Fan de minsken en de grûn* met het oud papier hebben meegegeven. Maar de Koöperaasjegroepen zitten wél aan knoppen en (direct of indirect door de Provinsje Fyslân) gesubsidieerd bovendien. Met name Koöperaasjegroep 2018 (nogal wat leden maken trouwens ook deel uit van

Koöperaasjegroep 2040). Die werkt aan het schrijven van het *bidbook* voor het in de wacht slepen van de titel Fryslân Kulturele Haadstêd 2018. Hoogste tijd dus voor een grondige, ontmaskerende analyse. En voor de kaak.

Hettinga en ik hadden na lezing van de Koöperaasje-rapporten ook een toekomstvisoen: in onze kristallen bol zagen wij onder een banier met ‘Fryslân Kulturele Haadstêd’ een lange leugen-, pardon: wijsheidbank op het nieuwe Zaailand staan, vol Friezen, uitgedost in klederdracht. Enthousiast moedigen ze een subsidie-zwetende John Jorritsma aan, die als een Friese Sysiphus een manshoge kei met daarin de gebeitelde tekst ‘leaver dea as slaef’ naar de top van een walmende mesthoop probeert te rollen. Uit tientallen luidsprekers klinkt marsmuziek. Een meeuw zweeft op zijn elf-en-dertigst rondjes boven het tafereel. Even blijft hij, schijnbaar gewichtloos, hangen boven grote schalen frizerella. Dan schijnt hij een dikke straal die uiteenspat op de waterbuffelkaas en wiekt met krachtige vleugelslagen op, een krijsende lach uitstotend, om over het dak van het Fries Museum te verdwijnen.

Hans van der Heijde

Yn it rapport *Fan de minsken en de grûn. Toekomstagenda Fryslân Duurzaam 2040*¹, mooglik makke mei de finansjele stipe fan ûnder mear de provinsje Fryslân, hawwe de stânpunten oer in duorsum Fryslân in sterk folksnasjonalistysk referinsjekader. De gearstallers fan it rapport, de Koöperaasjegroep Fryslân 2040, ûnderbouwe har fisyls mei foaroarlochske geskriften lykas *De Nederlandsche volkskarakters fan de kultuer- en folksnasjonalist P.J. Meertens*. Hiele lappen tekst út it rapport komme hast letterlik oerien mei dit yn 1938 ferskynde boek. Neist it omtinken foar de folksaard is der by de Koöperaasjegroep Fryslân 2040 in soad oandacht foar de saneamde Fryske wearden: it lânskip (“de grûn”), de taal, de mienskip, de mienskipssin en it Fryske ferline (“toen alles groter en beter was. Fryslân was ooit veel groter en belangrijker en autonomer.”) It rapport *Fan de minsken en de grûn* hat, ynbegrepen alle dêrynen delleine ymperativen dy’t needsaaklik achte wurde foar in duorsum Fryslân (“De prikkels van de Friezen moeten *geaard* zijn in de Friese kernwaarden van water, natuur, ruimte, vrijheid en onafhankelikheid, taal, cultuur en historie.”), as in blaudruk tsjinne foar de notysje *Nocht aan de takomst* fan de Koöperaasje 2018, in groep fan minsken dy’t ûnder mear dwaande is mei it skriuwen fan it *bidbook* foar Fryslân Kulturele Haadstêd 2018. Dat is net frjemd, omdat in tal leden dêrfan ek part útmakket fan de Koöperaasje Fryslân 2040. In analyze fan it nije Fryske duorsumheidstinken, ferpakt yn âlde folksnasjonalistyske ideeën.

‘HET WEZEN OF DNA VAN DE FRIES’

Fan de minsken en de grûn. Toekomstagenda Fryslân Duurzaam 2040, initiëarre troch Urgenda, in aksje-organisaasje foar duorsumheid en ynnovaasje yn Nederlân en útwurke troch de Koöperaasjegroep Fryslân 2040 [tenei: Koöperaasjegroep 2040], hat as wichtichste doel: het sneller duurzaam maken van Fryslân. Om dy feroaring foarinoar bokse te kinnen – de skriuwers fan it rapport reppe fan ‘transitiemanagement’ – moatte, sa wurdt steld, earst lân, tiid en minsken yn kaart brocht wurde. “Het is goed om te kijken naar de historie van een gebied en hoe dat de mensen daar heeft gevormd. Het DNA van in dit geval de Fries, of ook wel hier *de Friese ziel* genoemd, bepaalt ook wat in het gebied wel en niet past. Aansluiten bij de historie en de genen van de Friezen kan de omslag naar een duurzamer systeem vergemakkelijken en natuurlijker maken.”

It sykjen om “it eigen DNA” kin net ôfdien as samar “in moadeferskynsel”, sa’t histoarikus Jan Folkerts yn it tydskrift *de Moanne* docht. Folkerts stelt dat “hiele provinsjes (...) en stêden en gemeenten yn alle hoeken fan it lân (...) drok dwaande binne mei har eigen identiteit en it dna.”² Dat is te koart troch it bocht. Folkerts, teffens

“Het is goed om te kijken naar de historie van een gebied en hoe dat de mensen daar heeft gevormd. Het DNA van in dit geval de Fries, of ook wel hier de Friese ziel genoemd, bepaalt ook wat in het gebied wel en niet past. Aansluiten bij de historie en de genen van de Friezen kan de omslag naar een duurzamer systeem vergemakkelijken en natuurlijker maken.”

(Ut: *Fan de minsken en de grûn*, s. 3)

foarsitter fan de Advysrie fan de AFÜK³, hat spitiġernôch net de muoite naam om de Fryske DNA-tegel wat fierder op te lichtsjen. Hie er dat dien, ek him hie út it húskegat fan de skiednis de rook fan alderhande âlde, penetrante rioeldampen temjitte kaam. It út de biology ôfkomstige begryp DNA wurdt blynwei en kritykleas brûkt en tapast by sosjaal-maatskiplike ûntjouwings, konkreet: by de rûte nei in duorsum Fryslân, dêr't in mentale omslach foar nedich is, "in gedragsverandering". Neffens de Koöperaasje 2040 hat in grut part fan de minsken ("de Friezen") foar sok in "transitie" gjin omtinken. En dat moat dus oars, oars komt it net goed, bliksem, sterker: oars géan wy nei de bliksem! "Het gevoel van 'als we nu niets doen dan hebben we over 20 jaar een heel groot probleem' ontbreekt." Dêr wurdt neffens in âlde sosjaal-darwinistyske tinkwize *unferfroren* en súnder ienich histoarysk besef oan tafoege: "Daar komt bij dat in het DNA van de Fries een soort overlevingsdrang zit. Tegelykertijd heeft die overlevingsdrang gezorgd voor een soort inertie en wellicht zelfs een zekere onverschilligheid ten aanzien van de grote problemen van vandaag en morgen." (s. 10)

De genen van de Friezen? Het wezen en het DNA van de Fries? De Friese Ziel? Wêr komt dy rûnom opdûkende orakeltaal wei? Klaas Sietse Spoelstra, ien fan gearstallers fan it rapport fan *Fan de minsken en de grûn* – hy profilearret himsels as "een executiegerichte [sic] manager, strateeg en ervaren veranderaar"⁴ – ferwurke de saneamde Fryske siel yn de namme fan de troch him oprjochte tinktank-groep 'Station 2018. Leef

de ziel van Fryslân.’ Bert Looper, histoarikus en direkteur fan it ynstitút Tresoar, hat it yn de *Ljouwerter Krante* oer “het steeds weer zoeken naar ons eigen DNA [dat] de kracht van Friesland [is]”.⁵ En om noch in lêste foarbyld te neamen fan alle, inoar drok neipapegaaiende Fryske identiteit- en dna-sikers: nei oanlieding fan in byienkomst fan sechtich (regio)managers en kommunikaasjeminsken, dy’t yn Ljouwert yn debat wienen oer in (mear) duorsum Fryslân, freget boer en ûndernimmer Gosse Beerda, teffens partisipant yn de groep ‘Station 2018’, him ôf hoe’t it kin dat “in een provincie waar brede consensus bestaat over kernwaarden als ‘rust & ruimte’ en ‘eigenheid & authenticiteit’ industriële enclaves (afvaloven Harlingen!) uit de grond worden gestampt en toeristische concepten (Esonstad!) worden bedacht die geen enkele relatie hebben met het Fryslân-DNA?”⁶

“De volgende typeringen om de Friese ziel te duiden, werden door deelnemers aan de arena genoemd: (...) Over het algemeen is de Fries recht door zee, heeft een sterke zucht naar vrijheid en onafhankelijkheid. De Fries kan ook stug overkomen en eigenzinnig zijn en lijkt dan een soort onbuigzame beslistheid te hebben.

Een Fries is niet zozeer beter maar anders; als drie wegen naar het doel leiden dan gaat de Fries de vierde weg.”

(Ut: *Fan de minsken en de grûn*, s. 8 - 2011/2012)

“Als er drie wegen naar het doel leiden, wenscht de Fries den vierden weg te gaan. Een typeerend gezegde is voorts, dat de Fries nooit aan de zijde der meerderheid wil staan. (...), het Friesche volk, dat de eeuwen door om zijn zucht tot de vrijheid en onafhankelijkheidszin geroemd is, maar dat ook gekwalificeerd staat als te zijn stug, eigenzinnig en moeilijk toegankelijk voor den vreemdeling.”

(Ut: *De Nederlandsche Volkskarakters, ‘De Friezen’*, 1938)

FOLSKARAKTER

Op himsels bin ik net tsjin mear duorsume foarmen fan enerjyproduksje- en foarsjenning, wetterbehear of lânbou. Men kin trouwens ek al net folle oars, as jin, om mar in foarbyld te neamen, sa by't simmerdei, al silendewei de Sleattermar oer, wer ris alle ammoniakdampen fan de grutskalige megastallen (yntensive barge- en hinnemesterijen) ûnder Wâldsein ta de noastergatten ynwaai. Gjin toerist dy't dêrop sit te wachtsjen. It ferhaal wurdt lykwols oars as bliken docht dat de gearstallers fan *Fan de minsken en de grûn*. *Toekomstagenda Fryslân Duurzaam 2040* in ûnferhoalen folksnasjonalistyske ideology ûnder harren fisys op in grien en duorsum Fryslân skood hawwe. De Koöperaasje 2040 docht fan datoangeande neat oars as it ferkeapjen fan âlde stronk yn nije sekken.

Yn it earste part fan it skriuwen, dat de titel ‘DNA / Ziel, probleemperceptie en kapitaalanalyse’ hat, wurdt dy ideology ynklaaid mei alderhande folkskarakterologyske typearrings: “Over het algemeen is de Fries recht door zee, heeft een sterke zucht naar vrijheid en onafhankelijkheid. De Fries kan ook stug overkomen en eigenzinnig zijn en lijkt dan een soort onbuigzame beslistheid te hebben. De volgende typeringen om de Friese ziel te duiden, werden door deelnemers aan de arena genoemd: *Een Fries is niet*

zozeer beter maar anders; als drie wegen naar het doel leiden dan gaat de Fries de vierde weg. Die laatste omschrijving is wellicht veelzeggend. De Friese ziel zit vol met paradoxen. De Fries is zowel fier / trots als bescheiden, is innovatief en conservatief, praktisch en intellectueel, ingetogen en emotioneel, nuchter en temperamentvol en zowel rationeel als gevoelig. Dit is een vreemde maar interessante mix. De Fries is zich ook bewust van het verleden toen alles groter en beter was. Fryslân was ooit veel groter en belangrijker en autonomer.” (Hfdst. 2, ‘Probleemperceptie Fryslân’, s. 8)

Men freget jin ôf, hokker geast der yn dy saneamde Fryske duorsumheidtinkers fearn is en kom anno 2012 noch in kear mei alderhanne folslein anakronistyske en absolút stompsinige folksstereotipen op ’e lappen, om it mar net te hawwen oer it prekêre feit dat yn it rapport op gjin inkelde manier rekken holden is mei it demografyske gegeven dat yn dizze provinsje hjoeddedei mear as 120 ferskillende befolkingsgroepen wenje en wurkje.⁷ It bewust en moedwillich skouderjen fan dit ferskaat hat syn reden, foar wa’t de boarne yn acht nimt dêrt de Koöperaasjegroep 2040 him op basearret: it yn 1938 (!) ferskynde boek *De Nederlandsche volkskarakters*, gearstald ûnder redaksje fan P.J. Meertens, in kultuer- en folksnasjonalist dy’t grutte waarde hechte aan “de essentialistische noties over afstamming en volksaard.”⁸ Tekstfergelykjend ûndersyk makket dúdlik dat de hjirboppe oanhelle sitaten oer it Fryske folkskarakter, súnder annotaasje en sels súnder fermelding fan

boarnen, streekrjocht oernommen binne út it neamde
De Nederlandsche volkskarakters.

Yn it troch de Fryske skriuwer en publisist J.P. Wiersma (1894-1973) besoarge haadstik ‘De Friezen’ lêst men ûnder mear dizze passaazjes: “Als er drie wegen naar het doel leiden, wenscht de Fries den vierden weg te gaan. Een typeerend gezegde is voorts, dat de Fries nooit aan de zijde der meerderheid wil staan. (...), het Friesche volk, dat de eeuwen door om zijn zucht tot de vrijheid en onafhankelijkheidszin geroemd is, maar dat ook gekwalficeerd staat als te zijn stug, eigenzinnig en moeilijk toegankelijk voor den vreemdeling. (...) Er woont iets heerlijks, iets fiers, iets ongeslagens en opgehevens in den geest van dit volk. Komt het wellicht omdat het nooit het feudalisme [sic, e.h.] en nooit het knechtschap en de ketenen der heerschers - althans voor langen tijd - heeft gekend?”⁹

Karakteristyk foar it nije Frysk folksnasjonalistyske
tinken is de klam dy't der op it spirituele – it gefoel –
lein wurdt, it mystike, it yrrasjonele, eigenskippen
dy't trouwens ek kenmerkjend binne foar it (neo-)
nasjonalisme, sa't dat hjoeddedei rûnom yn Europa
yn de belangstelling stiet.

‘HOE DE FRIES TE MOBILISEREN’

Wat is de driuw achter dat ferlet nei it definiearjen en fêstlizzen fan in folkskarakter, beskôge as dat wurdt as in ûnderdiel fan de Fryske ethnوس? Yn essinsje blykt dat behoef net oars as itjinge wat Joast Hiddes Halbertsma aan it begin fan de 19de ieu mei syn typearrings fan de Fryske ‘volkseigendommelikheden’ foar eagen hie. Goffe Jensma deroer yn *Het rode tasje van Salverda*: “Hij [Halbertsma, e.h.] vertelde ze [de Friese burger, e.h.] wie ze waren geweest en wie ze op dat moment waren. Of beter: wie ze zouden moeten zijn. Of nog beter wie ze zouden moeten blijven. (...) Net als de taal,” konkludearret Jensma, “is ook dit volkskarakter meer een mobiliserend dan een verklarend concept. (...) Het bindt mensen in beweging, mensen die bang zijn in de geschiedenis verloren te raken.”¹⁰ En dat lêste jildt ta in hichte ek foar de gearstallers fan it rapport *Fan de minsken en de grûn*, wêryn’t it haadstik oer it folkskarakter (‘DNA / Ziel, probleemperceptie en kapitaalanalyse’) net om ’e nocht besletten wurdt mei de militante paragraaf: “Hoe de Fries te mobiliseren”.

Yn de optyk fan de rapportskriuwers is it ynbringen en it bepalen fan it elemint fan de ethnوس, sa’t skynt,

in foarwearde foar de demos: de (sosjaal) politike ynrjochting fan de provinsje op basis fan in duorsum, ekologysk model. Konkreet: “(...) De Fries heeft een soort oergevoel wat voortkomt uit een gevoel voor: vrijheid en onafhankelijkheid, water, natuur en ruimtelijkheid en de eigen taal, cultuur en historie. Dit oergevoel van de Fries uit zich in eigenheid en zelfredzaamheid, maar ook in saamhorigheid en kleinschaligheid. Wil je de Fries in beweging krijgen dan moet je hem raken in zijn oergevoel. Zo niet, dan gaat het langs hem/haar heen en bij teveel druk gaat de Fries *ondergronds*, dat wil zeggen, de luiken gaan dicht en men laat de ander praten, knikt, maar denkt er het zijne van. De Fries sluit zich dan af, trekt zich terug en zal zich niet aan de ander die iets wil, willen verbinden. De huidige prikkels om de Fries te bewegen duurzamer te gaan leven werken vaak niet: deze prikkels grijpen niet aan op het oergevoel van de Fries en leiden vaak niet tot een *werkelijke* gedragsverandering.”

Karakteristyk foar it nije Frysk folksnasjonalistyske tinken is de klam dy't der op it spirituele – it gefoel – lein wurdt, it mystike, it yrrasjonele, eigenskippen dy't trouwens ek kenmerkjend binne foar it (neo-) nasjonalisme, sa't dat hjoeddedei rûnom yn Europa yn de belangstelling stiet.¹¹ Wat sizze de Fryske duorsumheidstinkers yn dizzen oer Fryslân en de wrâld: “Vandaag de dag wordt duurzaamheid in Fryslân nogal technisch benaderd (het gaat om *dingen* en niet om *gevoel*). Deze harde kant van duurzaamheid (technologie, klimaat, energie) appelleert niet aan het Friese oergevoel,

waardoor de meeste Friezen emotioneel niet echt worden geraakt en daardoor ook niet echt in beweging komen. Hierdoor ontbreekt de urgentie op zowel individueel als gemeenschapsniveau." By dizze romantysk-spirituele hoempapa, heart ek it sizzen dat de *Fryske* minske syn 'nestgeur' kwytrekke is. Dêr is, witte de orakeljende rapportskriuwers fan Koöperaasjegroep 2040, ek in reden ta, want, sa wurdt sein: "Wij zijn de balans tussen hoofd en hart kwijtgeraakt!" Wêrt dy útspraak op basearre is, joast mei it witte, mar der wurdt yn alle gefallen 'fleurich' oan tafoege dat "we een gevoelsbarometer nodig hebben die deze balans bewaakt."

DE HYDRA WEROM

It roer moat dus om, de died moat steld. De heechste tiid. No. Forza, forza. Want “als we nu niets doen”, dan giet it goed mis, sa wurdt kear oan kear steld. It ien en oar wurdt ekstra krêft ynblaasd troch it oanheljen fan populistyske heitelânferskes lykas ‘Vaarwel mijn vaderland’ fan Gerrit Breteler,¹² skriuwer ek fan it apokalyptyske rekwiëm fan Fryslân. De Koöperaasjegroep 2040 stiet aan op in feroaring yn mentaliteit en gedrach. Dy “transitie” wurdt needsaaklik achte foar it ta stân bringen fan wat omskreaun wurdt as “de verbinding tussen identiteit [lês: de *Fryske* identiteit, e.h.] en duurzaamheid.” It dien meitsjen fan dat proses is neffens it nije Fryske leger oan musketierende (regio)managers en oare marketeers heechst “urgent”. Lês en huverje by it neifolgjende evangeelje, ynbegrepen alle dêryn ferwurke kategoaryske ymperativen: “(...) Als de Fries eenmaal doordrongen is van de urgentie en noodzaak tot verandering, dat hij zich er dan ook helemaal achter kan scharen en dan kan het hard gaan. De vraag of de Fries moet, wil en kan veranderen is dus niet eenduidig te beantwoorden. Het kan zeker wel, maar dan moeten de prikkels tot verandering raken aan de Friese ziel en het achterliggende oergevoel. Anders gesteld, dan moeten de prikkels *geaard* zijn in de Friese kernwaarden van water, natuur, ruimte, vrijheid en onafhankelijkheid, taal, cultuur en historie.” (...) “Als een

Lês en huverje by it neifolgjende evangeelje, ynbegrepen

alle dêrynen ferwurke kategoaryske ymperativen: “(…)

Als de Fries eenmaal doordrongen is van de urgentie
en noodzaak tot verandering, dat hij zich er dan ook
helemaal achter kan scharen en dan kan het hard gaan.

De vraag of de Fries moet, wil en kan veranderen is dus
niet eenduidig te beantwoorden. Het kan zeker wel,
maar dan moeten de prikkels tot verandering raken aan
de Friese ziel en het achterliggende oergevoel.

Anders gesteld, dan moeten de prikkels geaard zijn in
de Friese kernwaarden van water, natuur, ruimte, vrijheid
en onafhankelijkheid, taal, cultuur en historie.” (...)

“Als een voorstel een Friese nestgeur heeft, dan is
de kans groot dat het lukt.”

(Ut: *Fan de minsken en de grûn*, s. 9)

voorstel een Friese nestgeur heeft, dan is de kans groot dat het lukt.” (kursyf, e.h.)

Klaas Sietse Spoelstra, dy’t as ‘koploper’ part útmakket fan it ynterimbestjoer fan de Koöperaasjegroep 2040 en dêrnjonken ek meidraait yn de Koöperaasjegroep 2018, reagearret wat prikkelle (wrantelich) bywannear’t him frege wurdt wat dat gefoel ynhâldt. “Wat wy bedoele is datst dy bygelyks goed fielst by in hoarizontaal lânskip. Ik kom fan Hallum en dat is in iepen lânskip, hat it ek altiten west. Foar in Wâldpyk leit dat wer oars, dy hat syn eigen lânskip. Der is by my in gefoel fan thús wêzen, in oergefoel by sa’n iepen klaailânskip dêr’t ik weikom. Dêrfan kinst dy bygelyks ôffreegje oft wynmolens dêr wol op har plak binne.”

Spoelstra syn sizzen oer de ferbyntenis tusken lânskip en ‘oergefoel’ is yn essinsje net oars as wat J.P. Wiersma yn 1938 yn ‘De Friezen’ skreau: “De Fries uit de Wâlden [is] al even weinig thuis in de ‘Marsch’, de vette bouw- en weilanden, terwijl de ‘Frisco-Sas’ van de Stellingwerven innerlijken weerstand moet overwinnen als hij zich vestigt in de kleistreek. André Gide merkt ergens op, dat iedere Zwitser een stuk van zijn gletschers in zijn hart meedraagt (...) Daar moet wel een diep en innig verband zijn tusschen den mensch en het landschap dat hij bewoont. (...) Zoo kan men van den Fries zeggen, dat hij in *zijn ziel* iets meevoert van de wijdheid en ingetogenheid der Friesche natuur.”¹³ (kursyf, e.h.)

It folkskundich tinken oer de ferhâlding folksaard, natuer en lânskip stekt allegeduerigen weroan de kop op.

It âlde, giftige fysyk-geografysk determinisme dat dêr mei mank is, blykt as in Hydra sa taai. It is noch net al te lang lyn dat Abe de Vries, lid fan de Koöperaasjegroep 2018 en ien fan de skriuwers fan de KH2018-notysje *Nocht oan 'e takomst*, yn it wykblêd *Elsevier* mei de diskriminearjende, sa net de rasistyske bewearing dat berchlânskippen, konkreet: it Rifgeberchte yn Marokko, de oarsaak binne fan de kriminaliteit en de ûnrêststokerij by de Berberbefolking yn Marokko. De Vries: “Bergachtige regio's bevolkt door familieclans exporteren armoede, onrust en criminaliteit. (...) Oorzaak: de bergen.”¹⁴

Mei sa'n yn it folkssâlt bebiten notysjeskriuwer hat de stichting Fryslân 2018 c.q. de provinsje Fryslân yn alle gefallen in gewûpsten adviseur-koöperaasjelieder. Sterker, by krityk, bygelyks op de literatuer yn Fryslân, dy't as “ynfalshoeke” [domein, e.h.] ek part útmakket fan de Kulturele Haadstêd 2018, skrillet De Vries der net foar werom en spylje de etnyske kaart: “As je sa'n grouwélige hekel ha [doeld wurdt op publisist en kultuerhistoarikus Huub Mous, e.h.] aan alles wat mei Fryslân yn it algemien, en de Fryske skriuwerij en kultuer yn it bysûnder te krijen hat, wat dogge jo *hjir* dan? (...) En mocht de oanwêzigens fan jo rju eale persoaan yn dizze provinsje dochs safolle ynfloed ha op jo net te betwingen drang ta it publisearjen fan baggerstikjes? Sokkebalje dan asjeblyft op nei *in miljeu* dêr't jo folle better thûshearre.”¹⁵ (kursyf, e.h.)

‘DIEPE WORTELS IN DE GESCHIEDENIS’

Klaas Sietse Spoelstra ûntstriidt dat by *Fan de minsken en de grûn* sprake wêze soe fan in nije folksnasjonalistike ideology. “Sa hawwe wy dat net bedoeld.” Ek al stiet syn namme ûnder it rapport, de ‘executiegerichte’ manager en strateech seit dat er net op ‘e hichte is mei it feit dat grutte parten fan it mei ûnder syn lieding gearstalde rapport basearre binne op foaroarlochske boarnen lykas *De Nederlandsche volkskarakters*. “Ik wist dat net, ik haw net direkt belutsen west by it skriuwen fan it stik.” Spoelstra ferwydt de kritikasters fan it rapport dat “se it foarkomme litte as soe it om in gefaarlik rapport gean, as soe it ús [de Koöperaasjegroep 2040 en Station Fryslân 2018. Leef de ziel van Fryslân, e.h.] inkeld gean om saken as folk en faderlân en it grutsk wêzen op Fryslân’s ferline. Dat is net wier. It giet ús om it ûntwikkeljen fan ideeën foar in duorsum belied op it terrein fan lânbou, miljeu, wetter en enerzjy, it sykjen nei sleutels foar feroaring. As koöperaasjegroep 2040 wolle wy op in positive en konstruktive manier mei helpe oan it op gong bringen fan in tinken oer in duorsum Fryslân. Dat in ympuls te jaan, dêr giet it om.”

Undernimmer en boer Gosse Beerda, Spoelstra syn kollega yn de tinktank ‘Station 2018’ ferskaft mear

helderheid as it om folk en faderlân giet. Yn it *Friesch Dagblad* tsjûget er súnder omhaal fan wurden fan syn heitelân's leafde. "Toen Jezus pas geboren was, waren er al mensen die zich 'Friezen' noemden. De naam van ons woongebied ('Frisia') is een van de oudste gebiedsnamen in Nederland die nog in gebruik zijn. De hartstocht waarmee mensen zich vandaag Fries voelen of noemen, heeft waarschijnlijk alles te maken met die diepe wortels in de geschiedenis." As in earsten Fryske Beweger foegert Beerda dêr sjauvinistysk aan ta, in gefoel en hâlding dêr't er oars net allinnich yn stiet: "Als ik Fryslân zeg, ja dan ..., ik weet het niet. Ik kan er geen woorden voor vinden. Het zit hier, diep hier, liet een geboren Friezin – met haar rechterhand de hartstreek aftastend – zich geëmotioneerd ontvallen. Een nog maar net uit de Randstad overgekomen inwoner pleitte onomwonden voor het sluiten van de grenzen. Nu ik hier ben, is Fryslân af. De slagboom ervoor en verder afblijven."¹⁶

‘LEAUWE YN ÚS EIGENHEID’

It wjerlûd fan de folksnasjonalistyske grûnslach yn *Fan de minsken en de grûn* lit him ek fernimme yn de nochal opswypkjende, retroaryske en mei in soad holle managemintaal oerladene notysje *Nocht aan 'e takomst* fan de Koöperaasje 2018, dy't yn opdracht fan de stichting Fryslân 2018 dwaande is mei it skriuwen fan it *bidbook* foar Fryslân Kultuerele Haadstêd 2018. Guon leden fan de Koöperaasje Fryslân 2018 sitte net allinnich yn de Koöperasjegroep 2040, mar likegoed ek yn ‘Station 2018. Leef de ziel van Fryslân’, en oarsom jildt allyk en ’t selde. It is de frucht fan de hjoeddeiske netwurkwurkkultuer: men fynt inoar op grûn fan dielde ambysjes, yntereses, idealen, belangen, ensafuorthinne. Men sprekt gauris ek deselde taal. It tilt op fan it like lege as ropperige idiom: “selsfernijding”, “identiteit”, “grutskens”, “werklike feroaring”, “dream”, “ympuls”, “eigen krêft”, “proses”, “perspektyf”, “wearden”, “kontekst”, ensafuorthinne, en ûnderwilens binne de inoar drok neiplauderjende koöperasjegongers en KH2018-dissipeLEN och sa drok mei it bepleitsjen fan “autentisiteit en orizjinaliteit”.

De oerienkomsten yn de taal en it wurk fan beide koöperasjegroepen komme bygelyks ek nei foaren yn it

as “urginsje” omskreaune ferlet om in “Frysk antwurd” te finen bywannear’t it om “de eigen kearnwearden” giet lykas dy fan taal, kultuer, mienskip, wetter, lânskip. Der is datoangeande ek in mien tinken oer wat omskreaun wurdt as: “de aloan slûpende lykskeakeling (...) mei de suburbane ienheidswoarst dy’t al op safolle plakken yn Europa taret wurdt.” It as romantysk-mystyk beskôge lânskiplike Fryslân (“de noch altyd woest heimsinnich-oantreklike provinsje”) moat bewarre. Passe folksnasjonalistyske tinkwizen en sûndebok sykjen inoar meastentiids as broek en festje, dat is te sizzen: de bedriging, it kwea, komt altiten fan bûten, de nije Fryske duorsumheidstinkers kinne der ek wat fan: As dit lân, Fryslân, net oppast, sa warskôget en ropt de notysje *Nocht aan 'e takomst*, dan bliuwt der úteinlik neat fan har oer, oars net as “in copycat, in kleur-, siel- en willeaze oerrin fan Rânestêdtinken.” En by de koöperaasjegroep 2040 is it alhielendal slim, dêr hat de grutte sûndebok, de Rânestêd, - skrik net - “de Fries” fan syn wêzen en wil berôve. “De Fries staat niet meer in zijn eigen kracht.”¹⁷

It rapport *Fan de minsken en de grûn funksjonearret fierhinne as in blaudruk en bouplan foar de KH2018-* notysje *Nocht aan 'e takomst*. Beide koöperaasjegroepen wolle it folk, de Fries, mobilisearje, “in beweging” op gong bringe om op grûn fan “de woarteling yn de eigen regio” en op basis “fan eigen krêft en wearden” oan in oar en nij Fryslân te bouwen. Yn de organisaasje-opset fan sa’n “beweging” litte beide groepen har ynspirearje troch it âlde (korporative) systeem fan de gilden mei ‘meesters’

en ‘gezellen’. Saneamde “koöperaasjelieders” hâlde de ferskillende fakgebieten (ûnderwiis, taal, lânskip, natuer, keunst, ynterpersoanlike ûntwikkeling, ensfh.) yn ‘e gaten. Yn essinsje giet it by dit “mobilisearjen fan de Fries” om de ambysje en set in nije folks- en emansipaasjebeweging op priemmen. It ideologyske konsept dat dêrmei mank is, is, sa’t út de teksten fan de Koöperaasjegroepen 2040 en 2018 bliken docht, basearre op alderhanne gefoelens fan nasjonalisme. Ien fan de earste geboaden dêrby seit dan ek: “Yn ús eigenheid leauwe.”

Is der mei it each op it hjir en der behyplike folksnasjonalistyske tinken by de ferskillende groepen, dy’t net in soad boadskip lykje te hawwen oan it brede perspektif, it ‘gewoan’ krityske ûndersyk dat neffens de frisist Pieter Breuker eins altiten “ûntmytologisearjend”¹⁸ wurket, miskien sprake fan in tekoart oan in echte brede fokus, of oars: Is de blik tefolle nei binnen rjochte? Lit ús yn dizzen bygelyks ris sjen nei de gearstalling fan de Koöperaasje 2018, dy’t mids desimber mei de notysje *Nocht aan ‘e takomst op ‘e lappen kaam*. De koöperaasjegroep 2018 is, ôfgeand op de ûndertekeners fan de notysje, sa blank as de dunen by Appelskea, gjin bûtenlanner yn te bekennen. Mar faaks sit der yn it laadsje ‘e.o.’ (en oaren), dat achter it rychje ûndertekeners stiet, noch in Surinamer, in Marokkaan of in heale Sinees ferskûle.

Wêr’t it hjir om giet is it fenomeen partisipaasje. De Koöperaasje 2018 skriwt datoangeande dat ien fan

har basisprinsipes “it belang fan de partisipaasje is, sawol fan de keunstners as fan de bewenners yn Ljouwert.” Dat heart moai en foarnaam. Mar as it by dy partisipaasje om de representativiteit fan de ferskillende befolkingsgroepen giet c.q. de kulturele en etnyske diversiteit, dan komt dat (dus) net ta utering yn de gearstalling fan de Koöperaasje 2018. Yn Ljouwert, mei in allochtoane befolking fan 9,9 persint – der wurde mar leafst 63 talen praat – wenje en warkje mei-inoar in goed 100 ferskillende befolkingsgroepen, in getal dat foar de rest fan Fryslân in pear slaggen leger leit.¹⁹ Koartsein: bestiet Fryslân KH-2018 ek foar de yn de provinsje Fryslân libjende minsken, mei oare genen? Is der yn de Koöperaasje 2018 ek plak foar minsken dy’t net ta de blanke, autochtoane Fryske elite heare? In skriuwer-keunstner as, krij beet, de koartby mei de Literatuerpriis fan de Europeeske Uny bekroonde Rodaan al Galidi – hy wenne jierren oanien yn Fryslân – soe in mear as bysûndere ‘ynput’ hawwe kinne.

Yn essinsje giet it by dit “mobilisearjen fan de Fries” om de ambysje en set in nije folks- en emansipaasjebeweging op priemmen. It ideologyske konsept dat dêrmei mank is, is, sa’t út de teksten fan de Koöperaasjegroepen 2040 en 2018 blikken docht, basearre op alderhanne gefoelens fan nasjonalisme. Len fan de earste geboaden dêrby seit dan ek: “Yn ús eigenheid leauwe.”

It rapport *Fan de minsken en de grûn. Toekomstagenda Fryslân Duurzaam 2040* dat mooglik makke waard mei de stipe fan ûnder mear de provinsje Fryslân – de provinsje skikte de aksje-organisaasje Urgenda in subsydzje fan € 25.000 Euro ta – is gjin provinsjaal beliedsstik. “Nee, noch net,” seit Nienk Hoepman, programmamanager duorsume ynnovaasjes by de provinsje Fryslân, dy’t op suver persoanlike titel oan it rapport meiskreaun hat.

“It kolleezje [fan Deputearre Steaten, e.h.] – it hat yn de foarm fan in subsydzje oan Urgenda stipe jûn oan it ta stân kommen fan *Fan de minsken en de grûn* – is yn alle gefallen optein en entûsjast oer dit soarte fan ûnderop-inisiativen. En al bin ik it op guon komma’s en punten net altyd mei it stik iens, de grûngedachten fan it rapport sels, dy ûnderskriuw ik wol,” seit Hoepman. “Moast it sjen as in basisstik, dat in goede spin-off hat.”

‘SPIN-OFF’

Om alle ideeën, ambysjes, doelen en dreamen oangeande in duorsume ynrjochting fan in Fryske maatskippy harren gerak te jaan – en dat sa gau mooglik, want it is “urgent” – moat der in “mentale rûte” rûn wurde. Dat is in paad dat by beide koöperaasjegroepen folpakt is mei morele ymperativen. It tilt op fan wizende en twingende ferkearsbuorden. Dêr’t de Koöperaasjegroep 2040 it bygelyks hat oer de needsaak om “geaard” te wêzen yn “de Friese kernwaarden”, dêr docht de notysje *Nocht oan ’e takomst* in berop op in posityf, opbouwende hâlding. “Gjin synisme, blinder. Optimisme!,” seit harren beding. Hoe’t dat soarte sosjaal-etysk bepaalde foarskriften har ferhâlde ta de autonomy fan de keunst, yn it bysûnder dy fan de literatuer yn Fryslân, is net daalks te sizzen. Herbergje se faaks de ambysje ta in herstel fan de oait ferbrutsen bining tusken de Fryske skriuwer en de Beweging?²⁰

It rapport *Fan de minsken en de grûn. Toekomstagenda Fryslân Duurzaam 2040* dat mooglik makke waard mei de stipe fan ûnder mear de provinsje Fryslân – de provinsje skikte de aksje-organisaasje Urgenda in subsydzje fan € 25.000 Euro ta – is gjin provinsjaal beliedsstik. “Nee, noch net,” seit Nienk Hoepman, programmamanager duorsume ynnovaasjes by de provinsje Fryslân, dy’t op suver persoanlike titel oan it rapport meiskreaun hat.

“It kolleezje [fan Deputearre Steaten, e.h.] – it hat yn de foarm fan in subsydzje oan Urgenda stipe jûn oan it ta stân kommen fan *Fan de minsken en de grûn* – is yn alle gefallen optein en entûsjast oer dit soarte fan ûnderop-inisjativen. En al bin ik it op guon komma’s en punten net altyd mei it stik iens, de grûngedachten fan it rapport sels, dy ûnderskriuw ik wol,” seit Hoepman. “Moast it sjen as in basisstik, dat in goede spin-off hat.”

TA BESLUT

Oan de op himsels te priizgjen “ambysje” fan deputearre Jannewietske de Vries om Ljouwert/Fryslân yn 2018 Kulturele Haadstêd fan Europa te meitsjen, dêr mankearret it him net oan, sa’t der op himsels ek neat mis is mei it ûntwikkeljen fan alderhande duorsume foarmen fan lânbou, wetterbehear of enerzjyproduksje- en foarsjenning. De fraach is lykwols oft dy ambysjes en doelen harren gerak krije moatte op basis fan in nochal kwealike folksnasjonalistyske ideology. Dy makket ymplisyt part út fan de fisyl, sa’t dy dellein is yn de notysje *Nocht oan 'e takomst* fan de Koöperaasjegroep 2018, in skriuwen wêrby’t it dubieuze folksnasjonalistyske rapport *Fan de minsken en de grûn. Toekomstagenda Fryslân Duurzaam 2040* as blaudruk en basisstik tsjinne. Tunnelfisy-finzen as men is, hawwe de ferskillende partisipanten en belutsenen de oanstriid om inoar blynwei nei te papegaaien, bgl. as it om ûnderwerpen lykas “het zoeken naar ons eigen DNA” giet, in ferhaal dat minder ûnskuldich is as it liket. By in koöperaasjegroep as Fryslân 2040 is dat bgl. ynbêde binnen betinklike foarmen fan sosjaal-darwinisme. Wat dat lêste oanbelanget: it logo foar Fryslân KH-2018 is noch net ûntwurpen, mar men soe sizze: Set dêr mar in kreaze wite Fryske seefûgel yn, in moaie mok, sadat de flagge teminste de folksnasjonalistyske lading fan it gehiel dekt. En faaks wol Jannewietske de Vries, keizerin fan Fryslân

KH-2018, noch in subsydzje risse om in knappe replika
fan de Upstalbeam op it dak fan 't nije (Jong)Fryske
Bewegingsynstitút Tresoar te plantsjen.

Ljouwert, Eeltsje Hettinga, 1 febrewaris 2012

LITERATUER:

- Ph.H. Breuker, *Friese cultuur in het jonge Koninkrijk*. Leiden: Universiteit Leiden, 2001.
- P. Breuker, *Ynlieding yn de Frisistyk*, (ynterne publikaasje,). Grins: Frysk Ynstitút, 2005.
- Ludo Dierickx, *Nationalisme onder het mes. Kritiek van het politieke nationalisme in België en in het algemeen*. Antwerpen: Fantom, 2002.
- E.B. Folkertsma, *Eachweiding*, ‘Fryslân en de wrâld’ (s. 81-86) en oare (haad)stikken. Dokkum: Utjouwery Kamma, 1950.
- I. de Haan, E. Engelen, J.W. Duyvendak, *Het bange Nederland, een pleidooi voor een open samenleving*. Amsterdam: Bert Bakker, 2008.
- Eeltsje Hettinga, ‘De Fryske identiteit bestiet net’, *De Moanne*, sept. 2007.
- Eeltsje Hettinga, *De leagen op 'e dyk, in krityk en pleit*, oer de blomlêzing *Het goud op de weg*. It Hearrenfean: Stichting Cepher, 2008.
- Eeltsje Hettinga, *De taal en polityk achter de kulturele haadstêd 2018*, 20 desimber 2011: <http://eeltsjehettinga.blogspot.com/2011/12/de-taal-en-polityk-achter-de-kulturele.html> en/of www.liwwadders.nl.
- Inge Heslinga, *Leave abonnee. Conflict tussen de Friese literaire tijdschriften De Tsjerne, Quatrebras en Asyl (1946-1968)*, Masterscriptie Kunsten, Cultuur en Media. Groningen: Rijksuniversiteit, 2008.
- Goffe Jensma, *Het rode tasje van Salverda*, Burgerlijk bewustzijn en Friese identiteit in de negentiende eeuw. Ljouwert /Leeuwarden: Fryske Akademy, 1998.
- Douwe Kalma, *Skiednis fen Fryslân*, Grou: Douwe Kalma Stifting & Utjowierij Fryslân, 1935.
- Stichting Fryslân 2018 – Koöperaasjegroep 2018, *Nocht aan 'e takomst*, desimber 2011.

Koöperaasje Fryslân 2040 – *Fan de minsken en de grûn. Toekomstagen-da Fryslân Duurzaam 2040*, 2011.

Hessel Miedema, *Op 'e literaire toer*, 'Krityk (Kultureel perspektyf)'.

Boalsert: Koperative Utjouwerij, 1973.

Huub Mous, 'Schaf de Fryske Akademy af!' (Over identiteit en cultuur).

<http://www.huubmous.nl/2011/06/21/schaf-de-fryske-akademy-af/>

P.J. Meertens en Anne de Vries (red.), *De Nederlandsche volkskarakters*.

Kampen: J.H. Kok, 1938.

Jo Smit, *Federalistyske eachweiding*. Drachten: Laverman, 1966.

Anne Wadman, 'Frysk nasjonale krantelyryk', Op it harspit, yn: *De Tsjerne*, 1946.

NOTEN

- 1 Koöperasje Fryslân 2040, www.fryslan2040.nl/wp-content/uploads/2011/10/Frys-lanVisie1oDEFINITIEFweb.pdf
- 2 Jan Folkerts, 'Kulturele Haadstêd 2018. Falske histoaryske arguminten helpe it projekt net', *De Moanne*, nr. 1, jannewaris 2012.
- 3 Ik stim it Folkerts mei dat "it sykjen om identiteit", "it opbouwen fan de mienskip" en oare hollerombom sa linkenlytsen in goarre ("in moadeferskynsel") is. It is in ferskynsel, sa't Folkerts mei rjocht opmerkt, dat "wy foaral tsjinkomme yn de glossy brosjueres" fan managers, marketeers en kommunikaasjeminseren. Deryn hat de histoarikus de keutel wol by de skjinne ein Mar it is hijr wol de pot dy't de tsjettel ferwyt dat er swart sjocht. Want yn Folkerts syn 'eigen' beliedsplan, te witten *Beliedsplan AFUK 2012-2016*, is it al gjin sprút oars. "De ferbinning fan de taal yn de sosjale kontekst, it lânskip en de skiednis, as wichtige aspekten fan de Fryské identiteit." Of nim nochris sa'n útwenne, neatsizzend taalmonster: "Doel is om dy communities en projekten mear mei inoar te ferbinen súnder dat de ferskillende groepen harren eigen identiteit ferlieze." (http://media.afuk.nl/files/downloads/beliedsplan_2012_afuk.pdf)
- 4 Klaas Sietse Spoelstra – "Persoonlijk profiel: Ervaren veranderaar voor veranderings- en vernieuwingsprocessen in organisaties. Werkt vanuit visie en strategie naar implementeerbare doelstellingen en stuurt vervolgens op, gezamenlijke, realisatie daarvan. Executiegericht. Zowel vanuit lijn- als ondersteunende verantwoordelijkheid in te zetten. http://www.nij-sicht.nl/klaas_sietse_spoelstra.html
- 5 'Zoektocht naar eigen dna is de kracht van Friesland', *Leeuwarder Courant*, 17-12-2011. <http://www.archiefleeuwardercourant.nl/vw/article.do?id=LC-20111217 N001001014&vw=org&lm=dna%2Clooper%2CLC>
- 6 'Fryslân, het zit diep(er). Weerstand tegen de plannenmakers die losgeslagen zijn van hun Friese ankers', *Friesch Dagblad*, 01-11-2010, <http://www.stationfryslan.nl/wpcontent/uploads/2010/11/gossebeerda.pdf>
- 7 Gemeente Leeuwarden / Ljouwert, Liesbeth Wiersma, beleidsadviseur Integratie en Inburgering. Sjoch yn ferbân mei de ûnderwerpen 'partisipaasje' en 'representativiteit' ek it artikel 'De taal en polityk achter de kulturele haadstêd 2018': <http://www.eeltsjehettinga.blogspot.com/2011/12/de-taal-en-polityk-achter-de-kulturele.html>
- 8 Pieter Jacobus (Piet) Meertens (1899-1985) 'Een volhardend twijfelaar met vertrouwen in de mensheid', p. 316, http://www.meertens.knaw.nl/meertensnet/file/webmin/20061016/Uit_liefde_voor_het_volk.pdf
- 9 As de gearstallers fan it rapport even wat better har bêst dienen hienen, dan hienen se útfine kinnen dat de boppeneamde folkskarakterologyske skaaimerken op

- klearebare ûnsin en nonsens berêste, it binne de optinksels, foarmen fan ‘invented history’ (Sj. yn dizzen ek *Friese cultuur in het jonge Koninkrijk* fan Ph. H. Breuker), optinksels dus, fan benammen Joast Hiddes Halbertsma (1789 -1859). Yn *Het rode tasje fan Salverda* (1998) rept Goffe Jensma datoangeande fan “een geweldige sublimering”, dat is te sizzien: Halbertsma woe, dreaun as er wie troch syn romantysk nasjonalistyske ynslach, de Fryske boargers sjen litte wa’t se wienen c.q. wat har karakter wie, mar de omskriwing derfan wie fierhinne de projeksje fan syn ynderlik (siele)libben. Jensma: “Hij typeerde de Friezen en daarmee dus zichzelf, of eigenlijk andersom: hij typeerde zichzelf en daarmee de Friezen in de volgende trefwoorden: zucht tot vrijheid; behoedzaam, wantrouwend, schuw, geen liefhebber van vreemdelingen; (...) door zwaarmoedigheid stroef, stug en soms besluiteloos; onrustig; arbeidzaam; eerzuchtig; door eerzucht kittelorig; egoïst die naar onafhankelijkheid zoekt; ” (...)
- 10 Goffe Jensma, *Het rode tasje van Salverda*, ‘Ruimte, reizen door de tijd (Volkskarakter)’, Fryske Akademy, Ljouwert /Leeuwarden, 1998, s. 86-87.
- 11 I. de Haan, E. Engelen, J.W. Duyvendak, *Het bange Nederland, een pleidooi voor een open samenleving*. Bert Bakker, Amsterdam, 2008.
- 12 *Fan de minsken en de grûn*: “Vaarwel mijn vaderland / Door zelfvoldaanheid geplaagd / De kalfjes in de boomgaard / De paarden in het gareel / De bloemen in het veld Verruild voor het geld / Het najagen, al maar meer, / Beton en snelverkeer. / Er is geen weg meer terug / Het dooit in onze dromen / Geen troost voor het groot vaarwel / Als de zoute tranen stromen, / Want alles gaat voorbij. / Wie neemt de schoonheid mee, / De ruimte en de tijd, / De nooit te winnen strijd?” (Gerrit Breiter, s. 11)
- 13 P.J. Meerten en Anne de Vries, *De Nederlandsche Volkskarakters*, ‘De Friezen’ (J.P. Wiersma). Kampen: J.H. Kok, s. 42-43.
- 14 Abe de Vries, ‘Alle onheil komt van boven’, Elsevier, 15 december 2005. - <http://www.elsevier.nl/web/Artikel/163281/Migratie-Alle-onheil-komt-van-boven.htm>
- 15 Abe de Vries, ‘Mous,sokkebolje asjeblyft op! [...] Wat dogge jo hjir?’ De Nachtrider. blogspot, 25 novimber 2011
- 16 *Friesch Dagblad*, ‘Fryslân, het sit diep(er)’. Gosse Beerda. (Weerstand tegen de plannenmakers die losgeslagen zijn van hun Friese ankers), 1 novimber 2010 <http://www.stationfryslan.nl/wpcontent/uploads/2010/11/gossebeerda.pdf>
- 17 *Fan de minsken en de grûn*: “Blijkbaar legt het verleden, toen Fryslân groter en machtiger was dan nu, een bepaalde druk op, gecombineerd met de druk en arrogantie van de buitenwereld (c.q. de Randstad), waardoor de Fries een stuk trots heeft weggestopt en niet meer in zijn/haar eigen kracht staat. Door de stolp is de verbinding tussen de binnen- en buitenkant poreuzer geworden, waardoor de Fries een deel van zijn eigenheid is kwijtgeraakt: hij/zij doet niet meer wat hij/zij echt wil doen. De verbinding tussen de binnen- en buitenkant is broos geworden.” (s.11)

- 18 P. Breuker, *Kolleezje ynlieding yn de frisistyk*: “(...) It brede perspektwyf wurket eins altitien ûntmytoligisearjend. (Dat jildt oars likegoed foar ‘gewoan’ kritysk ûnder-syk.) Wa’t dat doch, sil ta de konklúzje komme dat it Frysk, de Fryske kultuer en Fryslân minder bysûnderheden en spesifieke eigenskippen hawwe as op it earste gesicht liket. Dat is foar guon in pynlike konklúzje. Dy sille leaver om it ôfwikende (it seldsume) as om it mienskiplike (it frekwinte) sykje. Dêrtroch kin it byld fan it bysûndere karakter fan it Frysk en Fryslân fansels ek makliker yn stân hâlden wurde.” (s. 5)
- 19 Gemeente Leeuwarden / Ljouwert, Liesbeth Wiersma, beleidsadviseur Integratie en Inburgering.
- 20 Fedde Schurer kaam yn 1946 mei de proklamaasje ‘De bining forbrutsen’. Schurer wie fan betinken dat de bân tusken literatuer en Fryske Beweging, yn it bysûnder fan de taalbeweging, gjin grûn mear hie. Inge Heslinga oer dizze proklamaasje yn har masterskripsje *Leave abonnee*: “Ook moest de auteur niet langer een leidend figuur in de voorhoede van de Beweging zijn, want door vrij te zijn van het bewegingsapparaat kon de literatuur zich beter ontwikkelen. De propagandistische opdracht in dienst van de nationale zaak moest niet langer de belangrijkste functie van literatuur zijn.” (s. 50)

BIO

Willem Winters [It Hearrenfean, 1946] publisearre as sosjolooch artikels en boeken oer de âldereinsoarch, skreau kollums foar ferskate Fryske tydskriften en de Ljouwerter Krante. Fanôf 1984 set er him yn as lytse útjouwer foar de Stichting Uitgeverij Perio.

Eeltsje Hettinga [Burchwert, 1955] skriuwt kritiken en resinsjes oer literatuer en byldzjende keunst, û.o. foar *de Moanne*. Hy publisearre fjouwer poëzybondels. Foar syn debút *Akten fan Winter* krige hy de Fedde Schurerpriis fan de Provinsje Fryslân. Fan him ferskynt dit jier de tekst *De stêd nimit*, útjûn troch útjouwerij Perio. Meast resinte boekpublikaasje: *Gerben Rypma. De keunstner fan it dûbele krús* (nov. 2010)

Hans van der Heijde [Ljouwert 1954] studearre politikology, is literatuerresinsint foar de *Leeuwarder Courant* sûnt 1989, auteur fan *De Republyk* (in polityksatiryske roman), *Horizontale Reizen* (ferhalen), *Istanbul* (in briedstoelreisboek) en *Dagboek in Blik* (roman, september 2011). Is fierder haadredakteur fan *Maatschappij & Politiek*, provinsjehûs-wiernimmer, politikolooch en fromagolooch, mei nammen op it dielterrein fan de mozzarella's.

PERIO-PAMFLET 1

Dit is het eerste nummer van de (nieuwe) serie: Perio-Pamflet. Perio is veelzijdig. Werd tot nu toe [over] literatuur, beeldende kunst en curiosa gepubliceerd, de omstandigheden dwingen Perio om ook ten aanzien van sommige maatschappelijke kwesties een standpunt in te nemen.

Eeltsje Hettinga is de schrijver van Perio-Pamflet 1, waarin hij uit de doeken doet hoe werkgroepen die rapporteren over de mogelijke toekomst van Fryslân, zich bedienen van ‘volksnationaal’ gedachtengoed uit de 19e en zoste eeuw.

Dit is it earste nûmer fan de searje Perio- Pamflet. Perio is mear sidich. Waard oant no ta oer literatuer, byldzjende keunst en kuriosa publiseарre, de omstannichheden twinge Perio om ek oangeande guon maatskiplike kwestjes in stânpunkt yn te nimmen.

Eeltsje Hettinga is de skriuwer fan Perio-Pamflet 1, wêrynt hy út de doeken docht hoe’t wurkgroepen dy rapportearje oer de mooglike takomst fan Fryslân, harren betsjinje fan ‘folksnasjonale’ tinkbylden út de 19de en 20ste ieu.

KOLOFON

Tekst: Eeltsje Hettinga

Foaropwurd: Hans van der Heijde

Foarmjouwing: Richard Bos

Printer: Stip stencilwerk

Utjouwer: Willem Winters - Perio

Ofbylding omslach: Skilderij fan Anthon Verhey,

'De Friezen verslaan de Hollanders bij het Rode Klif.'

Slag bij Warns 1345.

Dit is nû. 1 út de rige Perio-Pamflet

Stichting Uitgeverij Perio
(<http://willemwinters.blogspot.com>)
© 2012 Ljouwert /Leeuwarden

Wolle Ljouwert en de provinsje Fryslân har kandidaat stelle foar de titel fan Europeeske Kulturele Haadstêd 2018 op basis fan in (nije) nochal kwealik rûkende folksnasjonalistyske ideology?

Yn *De folksnasjonalistyske taal en retoryk achter Fryslân 2040 en KH-2018*, nûmer 1 yn de searje Perio-Pamflet, makket Eeltsje Hettinga in krityske en yngeande analyze fan it troch de Koöperaasje Fryslân 2040 gearstalde rapport *Fan de minsken en de grûn. Toekomstagenda Fryslân Duurzaam 2040*, dat as in blaudruk en basisstik tsjinne hat foar de notysje *Nocht oan de takomst* fan de Koöperasjegroep 2018, dy't ek dwaande is mei it skriuwen fan it bidbook foar de Kulturele Haadstêd 2018.

Hettinga set de taal en it tinken fan beide koöperasjegroepen yn in histoaryske en sosjaal-politike kontekst. Hy lit ûnder oaren sjen hoe't it nije Fryske duorsumheidstinken ferpakt is yn âlde folksnasjonalistyske ideeën.

Politikolooch en skriuwer Hans van der Heijde skreau foar dit Perio-pamflet in wiidweidich foaropwurd. Hy freget him ûnder oaren ôf: "Dachten de Koöperasjes echt dat ze, door DNA te schrijven in plaats van bloed, een volksnationalisme konden presenteren dat voldoende gemoderniseerd is om aan bruine associaties te ontsnappen? Of hadden ze daar lak aan en zochten ze naar een Friese variant op het Venlose populisme dat Limburg teruggeeft aan de Limburgers?"

